

Jierrekken 2020

Algemien

De jierrekken 2020 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finânsjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

Eksplottaasje

Yn de neikommende tabel stiet in oersicht fan de eksplottaasje 2020. Dêrby is in fergelyking makke tusken de begutting en de werklike eksplottaasje.

Omskriuwing	begutting 2020			werklik 2020			Omskriuwing	begutting 2020	werklik 2020
	dir.kosten	yndir. koste	kosten	dir.kosten	yndir. kosten	kosten		baten	baten
Ynternasjonale kontakten	3.000	907	3.907	1.900	543	2.443	rinte & dividind	9.500	8.275
Fedde Schurerlêzing	1.500	453	1.953	0	0	0	stipe & jeften	6.500	7.906
Kontakt mei efterban & belied	5.247	1.586	6.833	8.670	2.478	11.148	Ynkomsten 'de Nije'	8.035	12.362
It Nijs	20.000	6.043	26.043	20.012	5.719	25.731	Ynkomsten 'it Nijs'	1.000	2.218
							ferskaat	12.500	0
sub-totaal 'oppenearje'	29.747	8.989	38.736	30.582	8.740	39.322	sub-totaal eigen baten fan de Ried	37.535	30.761
							Subsydzje Provinsje Fryslân	19.184	19.939
Reklamepriis/ Oanmoediging	1.500	453	1.953	845	241	1.086	Oare subsydzjes en ynkomsten	10.000	200
sub-totaal 'op en paad'	1.500	453	1.953	845	241	1.086	sub-totaal subsydzjes	29.184	20.139
							Bestimde reserves	25.000	763
bestjoer & belied	2.642	-2.642	0	3.181	-3.181	0	Ynkomsten bûsboekje	15.000	16.806
Oare kosten	6.800	-6.800	0	5.800	-5.800	0	sub-totaal 'bestimde reserves'	40.000	17.569
sub-totaal Ried	9.442	-9.442	0	8.981	-8.981	0			
							Tekort (betelle út eigen reserve Ried)	1.496	17.966
Tiidskrift 'De Nije'	17.526	0	17.526	30.196	0	30.196			
Frysk bûsboekje	15.000	0	15.000	15.831	0	15.831			
Kommisjes	35.000	0	35.000	0	0	0			
sub-totaal 'útjeftes'	67.526	0	67.526	46.027	0	46.027			
Totale kosten	108.215	0	108.215	86.435	0	86.435	Totaal fan alle soarten baten	108.215	86.435

Taljochting op de eksplottaasje 2020

De eksplottaasje 2020 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 17.966. Dat wie earder begrutte op € 1.496.

Kosten

De totale kosten foar 2020 wiene begrutte op € 108.215. Yn dy kosten wie rekken hâlden mei festiviteiten om it 75-jierrich bestean fan de Ried hinne. Dy koene troch de koronamaatregels net troch gean. At dit projekt net mei rekkene wurdt, dan komme de eksplottaasjekosten likernôch € 13.000 heger út as begrutte. Dat grutte ferskil is benammen te ferklearjen troch de foars hegere kosten foar DE NIJE en de kommunikaasje mei de achterban. Dat wurdt hjirnei noch ferklearre.

De kosten foar belizzings wurde net apart ynsichtlik makke yn it eksplottaasje-oersicht. We beneame se hjir wol eefkes apart. Yn 2019 wiene de kosten foar de Rabobank € 2.476,21 (0,61%) en yn 2020 wie dat € 2.728,61. (0,60%)

De yndirekte kosten binne de kosten dy't de Ried ek hawwe soe at wy de hjirfoar neamde aktiviteiten net dwaan soene. Dat binne kosten foar bygelyks hûsfêsting en gearkomsten fan it bestjoer, mar ek de bestjoersadviseur en de administratyf meiwurker. Deze kosten wurde tarekkene oan de direkte aktiviteiten. Dêrom steane se as negatyf ûnder it kopke yndirekte

kosten. Dizze kosten binne leger as begrutte. Dat komt benammen om't de kosten foar sealhier en reiskosten sawat nihil wiene troch de koronamaatregels.

Der wiene yn 2020 gjin kosten foar de Fedde Schurerlêzing. Dy gie net troch. ItNijs.frl en oare posten, lykas it bûsboekje binne konfoarm begrutting. Der is wol mear dien oan oare kommunikaasje mei de achterban en it publyk. Sa is DE NIJE in kear nei toskedokters stjoert, om yn de wachtkeamer te lizzen.

Allinnich DE NIJE hat in soad mear koste dan begrutte wie. Dat hat in oantal oarsaken. As earste is de produksje fan DE NIJE djoerder as tocht. Dat komt foar in part troch it drukwurk, mar benammen troch de layoutkosten. Dêrtroch wie DE NIJE (benammen yn it begjin) wol € 1.000 djoerder per nûmer as rûze. Dêrneist is der € 7.000 mear útjûn oan reklame as foartiid betocht wie. Advertearjen yn alle kranten is djoer. Yn it kommende jier wolle wy ynsette op in oare manier fan PR. Dêr wolle wy wol in ynsidentele stipe foar oanfreegje. Nettsjinsteande de koronamaatregels groeit it oantal lêzers wol. It tal stipers fan de Ried en abonnees fan DE NIJE is groeit: nûmer 1 fan 2021 is ferstjoerd nei 358 adressen. De winkelferkeap leit om de 300 hinne, al is der dúdlik in korona-effekt. At der in 'tichtplicht' (lockdown) is, ferkeapje wy minder.

Baten

De baten binnen leger as de kosten. Hjirtroch is der in tekoart op de eksploitaasje. Om kosten en baten yn it oersjuch te hâlden stiet it tekoart as in posityf bedrach fermeld.

De baten wiene begrutte op € 106.719. (€ 108.215 minus tekoart fan € 1.496) Uteinliks wiene dy baten € 68.469 hinne. (€ 86.435 minus tekoart fan € 17.966) It ferskil sit der benammen yn dat yn de begrutting rekken hâlden wy mei it oanfreegjen fan stipe foar de festiviteiten foar it 75-jierrich bestean. In grut ferskil tusken begrutting en werklike baten komt troch it bedrach fan € 35.000 foar de jierdeikommisje. Dêr is gjin aksje op set. Der stiet tsjinoer dat dy kosten ek net makke binne.

Balans op 31 desimber 2020

(bedragen yn €)

Aktiva	1-1-2020 31-12-2020		Passiva	1-1-2020 31-12-2020	
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
RABO 132260158	672	6.519	eigen fermogen fan de Ried		
RABO13368559869 doelreserveren	881	50.881	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	653.713	548.955
ING 1123454	19.335	43.785	Risseltaat JKF	46.946	33.404
<i>totaal rinnende bankrekkens</i>	20.888	101.185	nije bestimde reserve	-145.125	-10.000
			oandiel eksploitaasjerisseltaat	-6.579	0
<i>Oare bankrekkens</i>			Jisk Koopmans Fûns (JKF)	548.955	572.359
RABO-Frysk Bûsboekje	9.413	10.388	frije algemiene reserve fan de Ried	0	145.125
<i>totaal sparrekkens</i>	9.413	10.388	nije bestimde reserve fan de Ried	145.125	0
			oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	-17.966
<i>Deposito- en sparrekkens</i>			frije algemiene reserve fan de Ried	145.125	127.159
RABO 1097621146	50.000	0	<i>totaal algemiene reserve fan de Ried</i>	694.080	699.518
ASN Deposito / ASN Sparrekken	100.000	100.000	<i>bestimde reserve biografy Feitsma</i>	0	10.000
TRIODOS bank 2205324438	100.000	0	<i>bestimde reserve Frysk bûsboekje</i>	9.413	10.388
<i>totaal depositorekkens</i>	250.000	100.000	<i>bestimde reserve reklamepriis</i>	763	0
			<i>eigen fermogen fan de Ried</i>	704.256	719.906
<i>Belizzingen</i>					
RABO 0328094994 belizzersrekken	5.799	5.680			
Effekten	416.157	500.653			
<i>totaal belizzings</i>	421.955	506.333			
<i>Foarderingen</i>					
Liening Fryslân Fûns	2.000	2.000			
<i>totaal foarderingen</i>	2.000	2.000			
Totaal fan de aktiva	704.256	719.906	Totaal fan de passiva	704.256	719.906

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2020

De balânsposysje is yn 2020 heger wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2020 op € 704.256 en op 31 desimber 2019 wie dat € 719.906. It balânstotaal naam dêrmei ta mei € 15.650. Dat der in taname is komt eins folslein troch in posityf belizzingsrisseltaat. Nei in daling fan de beurskoersen yn it begjin fan 2020 binne de beurzen letter yn it jier bylutsen ta heger niveaus.

Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2020 ferhege fan € 421.955 nei € 506.333. Dizze ferheging komt net allinnich fan de koersstigings. De deposito by de Rabobank foel yn april 2020 frij. Der is € 50.000 yn ekstra effekten stutsen. De belizzersrekken kin net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'.

Datum: 25 maaie 2021

status: goedkart troch it bestjoer & bepraat mei de kaskommisje

Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009. It startkapitaal wie € 640.090. As ANBI moatte wy it jild ynsette foar de aktiviteiten. We meie dat net allegear oppotsje. Dêrom is in part fan it fermogen ynbrocht yn de frije reserve fan de Ried, sadat it brûkt wurde kin foar aktiviteiten. Yn 2019 wie der dêrom in foarse ôfname fan it JKF. Yn 2020 is it JKF wer tanaam fan € 548.458 nei € 572.359.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Yn in aparte rigel 'Risseltaat JKF' wurde flukтуаasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille en de sparrekens ferwurke; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se de eksploitaasje net. It positive risseltaat fan it JKF is yn 2020 fêststeld op € 33.404.
- Yn 2020 binne alle deposito's frijfallen. It bestjoer hat besletten om dêr gjin nije deposito's foar werom komme te litten. De rinte is fierstente leech. In part fan de frijfallen deposito's is foar in part ynbrocht yn de effekteportefúlje. It oare part komt op de frije sparrekens fan de Ried en is bedoeld as reserve op de rinnende eksploitaasje.
- Troch it oerheveljen fan in part fan it fûns nei de frije algemiene reserve kin it JFK de kommende tsien jier ynset wurde om oan in basisfermogen te bouwen foar de perioade hjirnei. Yn prinsipe wurde tekoarten de kommende jierren finansiere troch de Ried sels, op basis fan wat oant 2020 opboud is.
- It frije fermogen fan de Ried wie op 31 desimber 2020 € 145.125. Dat betsjut dat de Ried de kommende jierren jierliks € 14.500 yn de eksploitaasje stekke kin.

Eigen fermogen fan de Ried: frije algemiene reserve fan de Ried

- Lykas hjirfoar beskreaun is in part fan de deposito's oerhevele nei de frije reserve. De frije reserve is sa foar in grut part te keppeljen oan it jild dat op de rinnende bankrekens fan de Ried stiet, útsein al oare bestimde reserves.
- Yn 2020 wie der in tekoart op de eksploitaasje fan € 17.966. Dat tekoart wurdt oanfolle út de frije reserve fan de Ried. Dat is dus ek de delgong op de frije algemiene reserve fan de Ried.
- Dat betsjut dat de frije reserve op 31 desimber 2020 meiïnoar € 127.159 is. Dat giet dan om it folgjende: Rabo (€ 6.519) + ING (€ 43.785) + Sparrekken (€ 50.881) en in part fan de ASN (€ 25.974).

Resumearjend: Oer it jier 2020 wie der in tekoart fan € 17.966. Dat is € 3.466 mear as eins jierliks út de bestimde reserves brûkt wurde kin. Der sil dus de kommende jierren minder kosten wurde makke, at der gjin oanfoljende finansiering fûn wurdt om dat ekstra tekoart goed te meitsjen.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve biografy Feitsma

- Der is in tasizzing dien foar in garânzje-stipe oan de biograaf fan Tony Feitsma fan € 10.000. Mocht it net rûnkomme mei de finansiering fan dizze biografy, dan kin dêr dus oanspraak op makke wurde. Dit bedrach is dêrom reservearre út it JKF.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve reklamepriis

- Yn 2019 binne der twa Reklameprizen útrikt: ien foar de radio en ien foar tillefyzje. Yn 2020 is der stimd foar de radiopriis oantmei 31 desimber 2020. De priis wurdt útrikt yn maart 2021. De frije reserve is opbrûkt foar in part fan de kosten. De oare kosten komme út de eksploitaasje.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve de Nije

- Yn 2018 is dan einliks it Frysk Tiidskrift útkommen. Fia de bestimde reserve wie dêr jild foar oan 'e kant setten; € 10.000. Dy reserve is opbrûkt yn 2019. Wy neame dit noch ien kear yn de jierrekken fan 2020 om sjen te litten dat DE NIJE no net mear út reservearringen betelle wurdt.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje ¹

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De ferkeap fan it bûsboekje hat net in soad te lijen hân fan de koronamaatregels. Der wie sels in lytse taname. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2020 in groeit nei € 10.388.

Skulden: noch te beteljen kosten

De Ried besiket de ferplichtingen op it ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen en de rekkens foar 1 jannewaris te beteljen. Dêrmei wurdt it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hat fan gefolgen dat de stân op 31 desimber 2020 útkommen is op € 0.

Foarderingen: Liening oan Fryslân Fûns

It Fryslân Fûns hat in rinteleaze liening krigen fan de Ried. Dat is in bedrach fan € 2.000. Dat bedrach is noch net werombetelle. Yn 2020 is bestjoerslid fan it Fryslân Fûns Renze Valk ferstoarn. Fan de Ried út nimme no Jehannes Elzinga en Arjen Dijkstra sit yn it bestjoer fan it fûns.

¹ Yn de jierrekken fan RFFB wiene altyd de sifers fan it Frysk bûsboekje op alle oanbelangjende rigels yn balâns en eksploitaasje ferwurke neffens it finânsjeel boekjier fan it bûsboekje dat rint fan 1 july – 30 juny. Dit hâldt ferbân mei de ôfwikking fan de bûsboekjeferkeap. Fan de jierrekken 2018 ôf wurdt ek útgien fan in boekjier 1 jannewaris – 31 desimber, om't dan de balans better te keppeljen is oan de bankrekkens.